

Grutsk Fryslân: Tredde edysje Fair & Boeremerke

Op 11 oktober 2025 stiet Ouwster-Nijega wer hielendal yn it teken fan de Fair & Boeremerke, organisearre troch Grutsk Fryslân. Dit jier alwer de tredde edysje, en krekt as de foarige kearen belooft it wer in grut súkses te wurden.

It tema fan dit jier is **“Sûn Ferstân”**. Dat betsjut: keuzes meitsje dy’t goed binne foar dysels én dyn omjouwing, mei nuchterens en earlikens, en mei oandacht foar in sûne wize fan libjen en tinken. Dat giet ûnder oaren mank mei it tegearre genietsjen fan suvere produkten, moaie ferhalen, ambachten, muzyk en aktiviteiten foar jong en âld.

Wat kinne besikers ferwachtsje?

- In sfeervolle farskmerk mei ambachtlike produkten en streeklekkernijen
- Workshops en aktiviteiten lykas ambachten, ferhalen, iisbaan, sykhelje, bôle bakke ensfh.
- Gesellige moetsingen en petearen oan de rûne tafel
- Ynspirearjende sprekkers oer moes túnkjen en sûnens
- In optreden fan Piter Wilkens

Grut(sk) Fryslân is mear as in organisaasje, it is in mienskip fan minsken dy’t inoar stypje en mei-inoar gearwurkje sûnder kommersjele belangen. Wy bouwe oan in takomst út leafde foar ús grûn, ús folk en de ferbining tusken minsken. Wy steane foar suverens, wierheid en frijheid foar elkenien, én foar it behâld fan ús kultuer, ús taal en ús tradysjes.

De Boeremerke draait dus net allinnich om keapjen en ferkeapjen, mar benammen om **ferbining**: tusken boer en konsumint, jong en âld, ferhalen, ideeën en foaral om in moaie, gesellige dei.

Hawwe jo sels niget om in soortgelikense fair te organisearjen? Dan tinkt Grutsk Fryslân graach mei jo mei. Wy diele ús ûnderfiningen, tips en stipe frijwillich, om’t wy leauwe dat mear fan dit soarte inisjativen Fryslân noch moaier meitsje. As de wil der is, is de fair al foar in grut part klear.

Tagong is fergees en elkenien is wolkom!

Mear ynformaasje: www.GrutskFryslan.frl

